

# Messkerpe beskriuwings

F 3-12-11

## Roman

troch Yvonne Dijkstra

**G**reet Andringa docht al sa'n tsien jier mei yn de Fryske literatuer, mar skreau mei dit boek pas har twadde roman. Mei de ferhalenbondel *De diggels fan Che* makke Andringa har debút en har earste roman, *Libben reach*, is fan 2008.

Yn it tredde boek, *Ikarusblau*, draait it krekt as yn *Libben reach* wer om famyljerelaasjes, mar dan wol yn de bysûndere setting fan in santiger jierren-kommune op it Fryske plattelân. Yn dat fermidden

wurdt Tys berne as soan fan de beide oanjagers fan de kommune, Bibi en Wouter. De âlden hawwe út noch yn net in harmonieuze ferhâlding. De konflikten dy't der regelmjittich binne, geane net allinnich oer it riden en farren fan 'e kommune mar ek oer de freondinnen fan Wouter en de neffens Wouter boargerlike ideeën fan Bibi. Der wurdt omraak krûdetee dronken en selsfoarsjennend libbe yn *Ikarusblau* en sa no en dan is der dan wer in nije Vijaya dy't as freondinne fan Wouter by de wykgearkomste is.

Sa as alle bern fan syn âlden nimt Tys it sa't it komt: binne de kommune yt er fegetaryske poddestuolleragút mei sulverfluesrys, derbûten sit er op skoalle en boartet mei syn freon Jelmer: 'Hy fûn in bettere maat yn Jelmer, en in rêstiger ritme yn it rekkenboek: dêryn wie ien en ien tenminste altyd twa en net lykas thús de iene kear oardel en de oare kear trije of fiifentweintich.'

Underwilens learaar wiskunde wurden en troude mei Immy, komt Tys jierren letter op in lyts Frysk doarpke te wenjen. Al gau heart it stel fan ferskillende doarpsbewenners dat Tys wol hiel bot liket op in man dy't dêr jierren lyn wenne hat. As bliken docht dat Immy yn ferwachting is, hâldt Tys syn eigen heit him hieltyd mear dwaande. Wie dat wier Wouter, de man fan 'twaalf ambachten dertien ongelukken', mei wa't er al jierren gjin kontakt mear hat en dy't no earne as edelstienhanneler wurket? Of is it dochs de heimsinnige oare dy't er neffens dyjingen dy't it witte kinne 'sa út 'e bek wei stapt is'? Syn mem kin er it net mear freegje, dy is

jierren lyn ferstoarn.

It binne mei elkoar de yngrediënten fan in ferhaal dêr't Andringa as gjin oar rie mei wit: trefseker en werkenber lit hja alle kanten oan bar komme. Mar yn tsjinstelling ta de sweverige 'emosjonaliteit' fan de kommune dêr't Tys yn grutwaard, is oan de folwoeksen ûntjouwing fan Tys neat sweverichs te finen.

Wat dat oanbelanget liket dizze roman in soad op de foarige: beide binne psychologyske syktochten nei djipper yn-sjoch yn de eigen persoan. Al is it ferskil, sis ik der daalk by, dat Geeske út *Libben reach* sels de syktocht yn hannen nimt, wylst Tys him mear op sleeptou nimme lit troch syn frou Immy. Want ek al hat *Ikarusblau* in manlike haadpersoan, dochs binne it de froulju dy't úteinlik de toutsjes yn hannen hawwe as it op emoasjes en ûntjouwing oankomt. Mei elkoar soargje se derfoar dat de manlju yn de goede rjochting treaun wurde - lês: neier ta elkoar komme.

Ek yn de kar foar de ferteller is dat froulike nammers werom te sjen. Andringa hat

keazen foar in net al te gongbere fertelfoarm (auktoriaal), mar hja docht dat ek noch út it perspektyf wei fan ien fan de froulike persoanen. Dêrtroch hie ik yn de earste haadstikken wurk om yn it ferhaal te kommen en ik koe dy earste bledsiden pas goed pleatse, doe't ik it boek al út hie en guon stikken op 'e nij lies. Mar ferfelend wie dat perfoarst net, krekt oarsom: it jout it ferhaal foar in part syn spanning.

Ek fierder is *Ikarusblau* wer in typyske - foar safier't men dêr fan sprekke kin - Andringa-roman, mei messkerpe beskriuwingen fan persoanen en fral fan harren ûnderlinge ferhâldingen en beweechreden. Andringa kriget it wêr foar inoar om de lêzer 174 siden lang fêst te hâlden yn in psychologyske beskriuwing sûnder dat it ek mar earne ôfwaaide of *over the top* wurdt. Knap!

**1** [Ikarusblau](#). Greet Andringa. Friese Pers Boekerij, 17,50 euro



## Greet Andringa

**Greet Andringa (Re-duzum, 1971) waard ûntdutsen troch har skiednislearaar op de Stedelijke Scholengemeenschap yn Ljouwert, Jan Pieter Janzen. Troch him debutearre hja yn 1999 yn *Trotwaer* mei it ferhaal *De earste kear*. Yn 2003**

**kaam de ferhalebondel *De Diggels fan Che* út, dat lykas syn opfolgers *Libben Reach* (2008) en it boekewikegeskink *Los sân* (2010) goed ûntfongen waard. Greet Andringa kombinearret har skriuwerij mei in baan as arts yn de ferslavingssoarch.**